

**Pvda**



**JA: BETTER YN WETTER!**

**FRYSKE EDYSJE**

**FERKIEZINGSPROGRAMMA  
PVDA FRYSLÂN | WETTERSKIP**

# YNLIEDING



## OP PEIL BRINGE

De kwaliteit fan it behear fan wetter en de beskerming tsjin wetter binne fitaal foar ús lân. En alhielendal yn in provinsje mei safolle wetter as Fryslân. Foar har lange kustline, de Waadeilannen, prachtige marren, de lege midden, rivieren, fearten en sletten binne ûntwikkeling, behear en beskerming needsaaklik. Yn de wetterketen wolle wy duorsume gearwurking stimulearje en ús maksimaal ynsette foar it weromwinnen fan grûnstoffen. Yn de wetterketen leit by útstek in útdaging om effisjint yntegraal yn it rioel- en suveringsbehear te organisearjen.

De PvdA Fryslân kiest foar feiligens, duorsumens en klimaatbestindigens. Wy kieze foar in lykwichtige balâns yn de belangen fan boargers, natoer en ekonomy.

Yn Fryslân binne wy ús der hieltyd mear fan bewust dat wetter en de kwaliteit fan wet-

ter essinsjeel binne foar de omjouwing wêr't wy yn libje. Wetterbelied moat in liedend en oarderjend begjinsel wêze by it behear en de ynrjochting fan ús iepenbiere romte. Dat is net allinne in opdracht foar Wetterskip Fryslân, mar foar alle oerheden. Yn Fryslân kieze folksfertsjinwurdigers en bestjoerders fan de PvdA foar in brede, aktive en ynnovative ynfolling fan it wetterbelied. Wy lûke ien line mei de partijgenoaten yn de Twadde Keamer, Provinsjale Steaten en gemeenten om dit programma út te fieren. Yn Fryslân wurkje wy meiinoar. Meiinoar steane wy sterk! Foar goed wetterbelied hawwe wy sterke, profesjonele wetterskippen nedich. Goed wetterbelied kostet jild. De PvdA Fryslân kiest foar in earlike ferdieling fan lusten en lêsten. Oan 'e slach!

Henni van Asten

# I. ÚS FYZJE OP TAKEN WETTERSKIP



Foto: Wikimedia, Creative Commons

## WÊR STEANE WY FOAR?

Wy hawwe foar de beskerming tsjin wetter, de soarch foar foldwaande wetter yn droege tiden, net tefolle wetter yn wiete tiden en de soarch foar in goede wetterkwaliteit sterke profesjonele wetterskippen nedich.

**Feiligens, duorsumens en klimaatbestindigens** binne kaaiwurden dy't wy dêrby kiezen. Yn it wetterbehear moatte wy likegoed maatregels treffe dy't klimaatferoarings tsjingeane as maatregels dy't de gefolgen ferantwurde opheine. De PvdA Fryslân kiest dan ek foar in langetermynfyzje mei in yn-festearringsprogramma, wêryn duorsumens en klimaatbestindigens de opjeftes binne.

Wetterskippen drage soarch foar ús **feiligens**. Mei it Ryk, de provinsje Fryslân en oare belutsen oerheden spilet Wetterskip Fryslân in wichtige rol yn de útfiering fan it

nije Deltaprogramma. De PvdA Fryslân fynt it wichtich dat it net allinne oer seespegelstigings giet en dykferhegings. Mar dat der ek sjoen wurdt nei wat ús te dwaan stiet by in kalamiteit, bygelyks nei de ekonomyske gefolgen. Der moat 'boud wurde mei de natoer' en yn it wetterbehear moat der mear as no oansletten wurde by natoerlike processen: dat wetter ôfstreamd, dat je rekken hâlde moatte mei ekstreme piken en langere perioades fan droegte. Dat der yn Fryslân dêrom mear wetterbergjend fermogen wêze moat yn plak fan te antisipearjen op mear gemaalkapasiteit.

Sa moat Wetterskip Fryslân nau belutsen wêze en bliuwe by de ûntwikkeling fan in feilige en duorsume Ofslútdyk en stipet sy inisjativen om yn de mande mei boargers en oare oerheden troch in yntegrale oanpak mear mooglik te meitsjen, lykas by it projekt

Holwert oan See.

Nei it ferskinen fan de business case foar it gemaal Lauwerseach is dúdlik wurden dat der gjin ryksstipe foar dit projekt komt. Tegearre mei de provinsje Fryslân moat it Wetterskip Fryslân har op alternativen beriede. PvdA Fryslân set yn op fleksibele, lytsskali-ge alternativen, dy't de wetterfeiligens en de natoer likegoed tsjinje kinne.

Op dit stuit folget it **wetterpeil** in de measte gefallen noch de **funksje**. De PvdA Fryslân fynt dat it faker nedich is om oarsom te re-  
denearjen, dat krekt de funksje it peil folget. Dat stie al yn de 'Nota Romte' en dy gong fan saken moat ek yn de praktyk gongberder wurde. Dit jildt meinammen foar it Fryske feangreidegebiet. Wetterskip Fryslân is binnen de provinsjale kaders ferantwurdlik foar skjin wetter en peilbehear yn it feangreide-  
gebiet. De PvdA Fryslân sil in mearjierrige fyzje ûntwikkelje om op dy wize miljeuskea troch oksidaasje en ferdroeging fan natoer-

gebieten op ús haadwettersysteem en de ynfrastuktuer foar te kommen.

It wetterbehear yn de klaai-op-fean en feangreidegebieten moat robúster en takomstbestindiger ynrjochte wurde om it betelber te hâlden yn de takomst. Ryk, provinsje Fryslân, gemeenten en Wetterskip Fryslân moatte de hannen der foar gearslaan om (fierdere) oantaasting fan fundearings fan wenten troch pealrot foar te kommen.

It **wetterbehear yn de stêden** moat as in wichtich punt op de agenda fan it Wetterskip Fryslân bliuwe en soe mear ynspylje moatte op it ferlet fan de boargers. Dêrtroch komt it mear yn balâns mei it tradisjonele wetterbehear, wêryn't it aksint op it lânlik gebiet leit. Ryk, provinsje Fryslân, gemeenten en Wetterskip Fryslân moatte nau gearwurkje at it om de ynrjochting fan stêd en plattelân giet. Wy bepleitsje de opslach fan reinwetter yn fifers, (op 'e nij) oanlizzen fan kultuerhis-




Foto: Wikimedia, Creative Commons



Foto: Pixabay, Creative Commons

toaryske wetterrinnen, it realisearjen fan natoerfreonlike oevers, it brûken fan wettertrochlittende stiennen en mear grien yn de stêd. Yn stêdlik gebiet moatte de aksinten bot lizze op it foarkommen fan wetteroerlêst, de belibbing fan wetter en ôfspraken en maatregels dy't pleatslike opwaarming ('hittestress') tsjin geane. Stêdlik wetterbehear freget krekte ôfstemming en goede gearwurking mei de gemeenten.

De PvdA Fryslân set yn op in ferfolch fan **'Herstelplan Oevers en Kaden'**. Yn dit ferfolchplan binne de wichtigste tema's: feiligens, it foarkommen fan oerlêst, berging fan wetter yn de beboude omjouwing, mearfâldich brûken fan de romte (rekreaasje en berging) en maatskiplike kosten. Om it mearfâldich brûken fan de romte te befoarderjen sil by ferheegjen en/of ferlizzen fan kaden eksplisyt omtinken jûn wurde oan it realisearjen fan kuier- en fytspaden. Wy meitsje wurk fan wurk. Dat sil in positive bydrage leverje oan it ferbliuwstoerisme. De bestriding fan

muskusratten moat trochsetten wurde, op de meast bistfreonlike wize.

Wetterskip Fryslân soarget foar in goede wetterkwaliteit. Yn 2027 moat de wetterkwaliteit fan de Europeeske wetters foldwaan oan de easken fan de Kaderrjochtline Wetter. Ek al is de wetterkwaliteit de ôfrûne desennia op in soad plakken tanaam, wy binne der noch net. Yn de nije planperioade (2015-2021) moat wy nije stappen sette, lykas:

- It ferbetterjen fan de wetterkwaliteit betsjut minder ôfspiling fan meststoffen en gewaaksbeskermingsmiddels troch de lânbou. At dat mear kostet dan no begrutte is, moatte de feroarsakers ekstra bydrage. Dat jildt fansels ek foar wetterfersmoargjende aktiviteiten fan de yndustry, dy't by foarkar oan de boarne oanpakt wurde moat.
- Wetterskip Fryslân set har yn om hiemôfspieling mei smoarich wetter tsjin te gean.

- De risiko's op oantaasting fan de wetterkwaliteit troch it winnen fan skaaljegas en it opslaan fan kearnôffeart binne nei betinken fan de PvdA Fryslân te grut.

Mei dizze ynset bewize wy it miljeu, de folksûnens en de leefberens in grutte tsjinst. Wy wolle allegearre feilich swimme kinne, sûnder lêst fan blau-alch!

Fan it wetterskip mei in **ynnovative hâlding** ferwachte wurde. Rjochtingjouwend dêrby is dat wetterskippen, boargers en bedriuwen bewust omgeane mei wetter, romte en miljeu. Hjirby kin gearwurking mei oare wetterskippen, oerheden, bedriuwen en de wittenskip in soad opsmite: net elk wetterskip hoecht op eigen manneboerd yn ynnovasje te ynfestearjen en de gearwurking yn it 'Frysk Bestjoersakkoart' moat de doelmjittigens en de duorsumens yn de Fryske wetterketen de kommende jierren fergrutsje, mei as doel in besparing fan 12 miljoen.

Wy wolle dat nije ûntwikkelings mei krêft trochsetten wurde, bygelyks troch medisynrêsten, hormoanen en mikroplastics út ôfalwetter te heljen. Effektyf is it suverjen by de boarne, lykas by sikehûzen en yn de yndustry. De PvdA Fryslân wol de kommende jierren in útwreiding fan dizze foarmen fan boarneskieding realisearje. In ynnovative oanpak stipet de ynternasjonale kopposysje fan kennisynstituten lykas Wetsus yn Ljouwert.

Wetterskip Fryslân hat in wichtige ferantwurdlikens foar it **suverjen fan ôfalwetter** fan alle húshâldens en de measte bedriuwen. Ôfalwetersuvering is in yntegraal ûnderdiel fan de ôfalwetterketen. Gearwurking mei de gemeenten, dy't ferantwurdlik binne foar it rioelbehear, is fansels. Der moat aktyf gearwurke wurde mei drinkwetterbedriuwen. Eachmerk is om duorsumer, effisjinter, en effektiver te wurkjen tsjin leger kosten. Yn Fryslân moatte partijen soms ferlieden wurde en moatte fiskale hobbels,



Foto: Remon Rijper, Creative Commons

lykas dy by de gearwurking fan Vitens en Wetterskip Fryslân, opromme wurde.

Wetterskip Fryslân set har ek de kommende jierren aktyf yn op it besparjen en (werom) winnen fan enerzjy en grûnstoffen by harren (kearn)aktiviteiten. De kâns om enerzjy-neutraal ôffalwetter te suverjen en wichtige einige grûnstoffen as fosfaat werom te winnen moat neffens de PvdA Fryslân mei beide hannen oangrypt wurde. Dêrom wurdt de ûntwikkeling fan in enerzjy- en grûnstoffefabryk stipe en wurdt it wûne gas weromlevere oan maatskiplike doelen.

Wetterskip Fryslân beheart in stelsel fan **wetterwegen, kaden en diken**. Fan belang foar it wetterbehear, mar meastentiids ek foar lânskip en natoerontwikkeling en foar tal fan foarmen fan rekreaasje. Mei de oare behearders bliuwt Wetterskip Fryslân de meast effisjinte en doelmjittige behearsfoarmen en ôfspraken neistribjen. Wêr mooglik moat it mearfâldich brûken fan de

romte stimulearre wurde, bygelyks troch wetterrekreaasje en rekreaasje by it wetter del de romte te jaan en troch kaden en diken iepen te stellen; op syn minst foar de kuierder en de fytser.

As eigner fan **wetterskipserfguod** hat Wetterskip Fryslân de wichtige taak om dit goed yn stân te hâlden. Net allinne Wrâlderfguod lykas it Woudagemaal, mar ek tal fan gemalen en gemaaltjes, sluzen, âlde wetterrinnen en brêgen foarmje al ieuwenlang it DNA fan Fryslân. Professionals en frijwilligers hawwe in wichtige rol by it yn stân hâlden fan dit erfgoed en it maatskiplik draachflak dêrfoar. De PvdA Fryslân fynt dat wy dizze minsken hoedzje en noedzje moatte en fasilitearje.




Foto: Pixabay, Creative Commons

## 2. PROFYTBEGJINSEL & EARLIKE LESTEN

### WÊR STEANE WY FOAR?

Wetterskippen heffe belestings om harren wurk dwaan te kinnen. Belestings heffe, freget om demokratyske kontrôle. It demokratysk keazen bestjoer fan Wetterskip Fryslân hat yn it foarste plak ta doel om in politike ôfwaging te meitsjen oer de needsaak fan de útjeften, de hichte fan de belestings en te soargjen foar in rjochtfeardige lêsteferdie-ling.

It belestingsysteem fan de wetterskippen is foar in part basearre op it profytbegjinsel en op it prinsipe dat de kosten opbrocht wurde moatte troch dejingen dy't se feroarsaakje. Wy wolle dat der in sterker aksint komt te lizzen op dit profytbegjinsel en it beteljen troch de feroarsaker. Dat helpt neffens de PvdA Fryslân om besparings en duorsume maatregels ienfâldiger te realisearjen. By wetterskipsheffingen wurdt net sjoen nei draachkrêft fan de belestingbeteller. Dêrom is belied om minsken, dy't it net betelje kinne frij te skatten, essensjeel. Automatysk foar ynkommens oant 110% fan it sosjaal minimum en mei in gelikense behanneling dêryn foar de lytse selsstannige.

De agraryske en oare belangen moatte soarchfâldich ôfwoegen wurde. By lestenferdie-

ling wurdt meinommen dat de agraryske produkjesektor in grut belang hat by in op de bedriuwsfiering ôfstimd wetterbehear. Soks rjochtfeardiget dat sy in substansjeel part fan de kosten draagt dy't makke wurde foar it wetterbehear yn it lânlik gebiet.

Hoewol't op dit momint de nettolesten en -baten yn lykwicht binne, makket de PvdA Fryslân har likegoed soargen oer de skuldposysje fan ús wetterskip. Skjin, feilich en genôch wetter freegje de kommende jierren grutte ynspannings en ekstra ynfestearings. Wy wolle dêr wêr it kin en foardielen opsmyt foar de bedriuwsfiering gearwurking sykje mei provinsje en gemeenten. De PvdA Fryslân makket serieus wurk fan in programma dat de skuldposysje fan Wetterskip Fryslân ferbetteret.



# 3. FUNKSJE WETTERSIPSBESTJOER



## WÊR STEANE WY FOAR?

Wetterskip Fryslân operearret net yn in isolemint. De taken fan Wetterskip Fryslân reitsje dy fan oare oerheden. Wetterskip Fryslân is in funksjonele oerheid, dy't oparbeidet mei gemeenten, provinsjes, Ryksoerheid, oare wetterskippen, organisaasjes en ynstellings om it yntegrale karakter fan it wetterbehear te fersterkjen en sa effisjint mooglik te wurkjen. De kommende jierren sille der fiergeande beslissings nommen wurde moatte op it mêd fan wetterfeiligens. Beslissings dy't de belestingbeteller in soad jild kostje sille. Dêrom is it bewustwêzen fan it eigen wetterferbrûk by boargers, boeren en bedriuwen ek sa nedich. De PvdA Fryslân kiest foar in iepen gearwurking mei ferskate organisaasjes, dy't te krijen hawwe mei de taken fan it wetterskip. En dan giet it om agraryske belangeorganisaasjes likegoed as natoerbeskermers, it organisearre bedriuwslibben en organisaasjes fan bewenners.

De PvdA Fryslân kiest foar maatskiplik ferantwurd ûndernimmen, en dat jildt fansels ek foar Wetterskip Fryslân. Soks betsjut dat duorsum operearje de liedende wurkwize is, súnich mei enerzjy en grûnstoffen, en mei in maatskiplik ferantwurd persoanbelied. Dêrnjonken wurde, neffens de nije lânlinke wetjouwing, tydlike kontrakten en flekswurk tebekkronen. Mar ek in maatskiplik ferantwurd oanbestegingsbelied heart der by. Social return fan 5% is ien fan de hifkingskritearia by út- en oanbestegings. Sa biede wy ek minsken sûnder wurk perspektyf.

De PvdA Fryslân fynt de demokratyske legitimaasje fan it wetterskipsbestjoer essensjeel. Alle leden fan it wetterskipsbestjoer moatte streekrecht ferkeazen wurde, mar om dit te regeljen is in oanpassing fan de wet nedich en dat is oan de Twadde Keamer. PvdA'ers yn it wetterskipsbestjoer binne

tagonklike bestjoerders en folksfertsjinn-wurdigers. Mannen en frouen dy't de provinsje yn geane om te hearren wat der spilet en dy't der boppedat foar soargje dat harren bestjoeren binnen de hiele wetterketen goed gearwurkje, sadat de feilichste, meast duorsume en kosteneffektive oplossings keazen wurde.

Foar demokratyske legitimaasje folstiet net allinne in goed en demokratysk keazen wetterskipsbestjoer. It bewust wêzen fan it belang fan wetter en draachflak foar beslissings binne essinsjeel. Jongerein spylje dêrby in wichtige rol. De PvdA Fryslân wol binnen Wetterskip Fryslân en yn de mande mei oare oerheden, projekten foar jongerein ta stân bringe. Lykas in jongereindykgraaf, wetterprojekten op skoallen, foarljochting, ensafuorthinne. Belutsenens en draachflak komme ommers net fansels.

Foar boargers, bedriuwen en oaren is it winske dat alle saken om wetter hinne fia **ién loket** regele wurde. Yn de mande mei

gemeenten, provinsje en Rykswettersteat steane wy foar ien mienskiplik wetterloket.

Eltse oerheid is ferplichte by beliedsmaatregels of in projekt dat ynfloed hat op wetterbehear of wetterkwaliteit in **wettertoets** te dwaan. Dêrby spilet de eask mei dat wa't in probleem feroarsaket, mei betellet oan de oplossing. Oan in wettertoets by útwurke plannen hawwe wy net genôch. Al by it ûntwikkeljen fan in inisjatyf moatte ôfspraken makke wurde oer duorsum wetterbehear en klimaatbestindich bouwe. Sa kin de funksje oanpast wurde oan it wetterpeil.

Wetter kin gjin grinzen. Wetterskippen moatte dêrom ek in ynternasjonale oriëntaasje hawwe. Yn de eigen taken, mar ek om ynternasjonale kennis te dielen en der foar te soargjen dat technology en de wize fan oanpak foar Nederlân goede eksportprodukten binne. **Ynternasjonale solidariteit** útert him yn de oerdracht fan kennis en help by projekten yn lannen dy't dat allinne net



Foto: Pixabay, Creative Commons

goed foarinoar krije kinne, lykas it projekt 'Schoon water voor Mozambique'. De PvdA Fryslân stipet de opjefte om as Wetterskip Fryslân, yn de mande mei gemeenten, provinsje en Vitens ynfolling te jaan oan de mienskiplike doelstelling yn it 'Schoklân-akkoart' om 1,8 miljoen minsken te foarsjen fan tagong ta skjîn drinkwetter en sanitêre foarsjennings, fan herte.

## TA BESLÚT

It **op peil bringen en op peil hâlden** fan it prachtige wetterrike Fryslân, dat is de ynset fan de PvdA Fryslân. Dat dogge wy mei duorsume en klimaatbestindige ambysjes en gearwurking mei boargers, oerheden en oaren. Dêrnjonken meie wy net ferjitte hoeffolle leuke, sportive, smaaklike en ûntspannen kanten der sitten oan wetter. Yn Fryslân binne wy **Wiis mei ús Wetter**. Wy drinke, waskje, swimme, spartelje, sproeie, boarnje, beskermje, skinke, fiskje, roeie, farre, sile... en fansels wy reedride der ek noch op!



Foto: Pixabay, Creative Commons



**JA: ANNELIES, REMCO, HENNI, WILLEM & DICK!**

**WWW.PVDAFRYSLÂN.NL**  
**VERKIEZINGEN WOENSDAG 18 MAART 2015**

**f** /pvdafryslan  
**t** @pvdafryslan